



Utslach Rely Jorritsma Fûns-priisfraach 2016

Dit jier advisearret de sjuery fan de Rely Jorritsma njoggen prizen út te rikken: fiif foar fersen en fjouwer foar ferhalen. Der binne tweintich fersen ynstjoerd en tsien ferhalen. De priis foar in winnend fers is € 200,- en foar in ferhaal € 800,-. It is foar de 62ste jier dat de Rely-prizen útrikt wurde.

Under de skriuwers fan de priiswinnende ferhalen is in tal bekenden dy't ôfrûne jierren al ris earder bekroand binne. Sa stjoerde Sipke de Schiffart fan Ljouwert al trije kear in priiswinnend ferhaal yn (2006, 2010 en 2011), wylst ek Baukje Zijlstra fan Arnhem earder súkses hie (yn 2013 en 2015).

By Koos Tiemersma fan Drachten meie wy fierder werom om syn namme tsjin te kommen op it listje mei priiswinners: hy wûn al in kear yn 2000. Ek yn 2015 waard hy mei de Rely ûnderskieden. Ferline jier wie dochs al in moai jier foar Tiemersma; hy krige ek de Gysbert Japicxpriis, de wichtichste priis yn de Fryske literatuer.

Janneke Spoelstra fan Alde Leie wie ferline jier ien fan de winners by de fersen; no is in ferhaal fan har bekroand.

Under de ynstjoerders fan priiswinnende fersen binne de measte winners wol nij. Allinnich Edwin de Groot fan Aldehaske, in âld-sjuerylid, is in bekende. Hy wûn ek al yn 2007 en 2015.

Winnende fersen en ferhalen

De winnende fersen binne:

- Etude yn 'e rein, fan Paul van Dijk fan Workum;
- Ofskie, fan Johannes Dijkman fan Noardburgum;
- De bosk, fan Pieteke de Boer fan Wommels;
- It rinfermogen fan in net útiten kwestje, fan Edwin de Groot fan Aldehaske;
- Tún, fan Henk Nijp fan Mantgum.

De winnende ferhalen binne:

- De ûnwittende, fan Koos Tiemersma fan Drachten;
- Nacht, fan Baukje Zijlstra fan Arnhem;
- Wat resistint is, fan Janneke Spoelstra fan Alde Leie;
- It geheim fan in goed houlik, fan Sipke de Schiffart fan Ljouwert.

De sjuery

De sjuery bestiet dit jier út Ulke Brolsma (foarsitter), Jacobus Q. Sminck en Tryntsje van der Steege.

Junior Rely-priisfraach 2016

Neffens de sjuery fan de Junior Rely 2016 komme der dit jier trije fersen en ien ferhaal yn oanmerking foar in Junior Rely-priis.

Priiswinners

De Junior Rely-priiswinners binne dit jier yn de kategory *poëzij*:

- In gedicht oer in tún, fan Tjitske van der Meer, Mantgum. Earste priis.

- Grutte mem, fan Bo de Haan, Kollumersweach. Twadde priis.
- Maitiid, fan Laura Mulder, Siegerswâld. Tredde priis.

en yn de kategory **proaza**:

- De wat nuvere tsjoendersfluit, fan Beitske Nieboer, Snits. Earste priis.

De sjuery

De sjuery bestiet út Erica Bergema, Thys Wadman en jeugdsjuerylid Anneke van der Werf. It totale bedrach oan prizejild dat ûnder de winners fan de Junior Rely ferparten wurdt is € 500,--.

Priisútrikking

Op sneon 1 oktober 2016 wurde de Rely Jorritsmapriizen én de priizen fan de Junior Rely útrikt. It programma wurdt yn septimber bekendmakke.

Publikaasje

Al it winnende wurk fan de Rely Jorritsma Fûns-priisfraach én fan de Junior Rely ferskynt yn in spesjale Rely-útjefte fan it Frysk literêr tydskrift 'ENSAFH'. Ek it sjueryferslach stiet yn dat nûmer.

It Rely Jorritsma-nûmer is fanôf 1 oktober foar € 5,95 te keap by de boekwinkel. Bestelle kin ek troch in e-mail te stjoeren nei redaksje@ensafh.nl.

It sjueryferslach wurdt nei de útrikking ek publisearre op de webside fan de gemeente, www.littenseradiel.nl.

Foar de redaksje, net foar publikaasje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling kommunikaasje fan de gemeente Littenseradiel: Geesje Leemburg, tillefoan: 0515 - 33 44 56 en Louis Westhof, tillefoan: 0515 - 33 44 53 of e-mail: communicatie@littenseradiel.nl